

Iuw nei syn dea is Dèr Mouw yn it Frysk te belibjen

Foar Johan Andreas dèr Mouw (1863-1919) wie alles ien binnen it Godlike. Net om 'e nocht hjitte syn debútbondel *Brahman*. Hûndert jier nei ferskinen dêrfan hat Gysbert Japicxpriiswinner Eppie Dam sechtsjin sonnetten fan Dèr Mouw yn it Frysk oerset en útbrocht as *Dof fiolet is 't west*.

It wurk fan Johan Andreas dèr Mouw, in troch easterske wiisbegearte ynspirearre kultdichter, wie my oant in moanne lyn folslein ûnbekend. Dat feroare yn it tiidsbestek fan in pear dagen. Earst joech immen my in bondel mei foarlêsgedichten. Dêryn stie in sonnet fan iene Adwaita, dat my tige oanspreek. Net lang dêrnei plofte *Dof fiolet is 't west* troch de brievebus.

Adwaita ('twaheidsleaze') wie it synonym dêr't Dèr Mouw syn gedichten ûnder publisearre. Men hoecht de orizjinelen net te kennen om fan de oersettings te genietsjen. It is faaks sels better sa, omdat by ferlykjen mei ferzjes dêr't men mei bekind is, it nije altyd minder liket en dêrmei docht men de ynspannings fan Dam wis te koart. It giet hjir ommers ek nochris om sonnetten, strak yn rym en ritme sette poëzij dy't amper of net ien op ien te 'fertalen' is - al lizze Nederlânsk en Frysk noch sa ticht byinoar.

Wat wol handich west hie, is in begeliedend skriuwen troch de oersetter. No skriuwt Lucien Custers, Dèr Mouw-biograaf, in yntroduksje, mar syn ynformaasje kinne jo ek wol googelje. Nijsgjirriger hie it west om fan Dam te fernimmen wêrom't hy it ferfryskjen fan de antike sonnetten op syn bucketlist hie, wat him oansprekt yn Adwaita en hoe't er op dizze seleksje útkommen is.

It sonnet dat de titel oan de bondel jout biedt miskien wat oanwizings. It giet tagelyk oer reedriden as it dichtsjen en de taal sels (ik

moast daliks tinke oan Eeltsje Hettinga syn *Redens fan it wurd*). It 'hege' en it 'triviale' wurde yn ien tekst, typysk foar Dèr Mouw, beflapt ûnder itselde grutte gehiel. Dam makket der in klinkend, soepel Frysk gedicht fan, en soks slagget him troch dizze hiele bondel mear as aardich. It wer- en lûdop lêzen docht fertuten. Klank en byld slute goed by elkoar oan, dat hat Dam hiel goed troffen, lykas dit foarbyld sjen lit: '... it tinkelfers / fan redens oer it hol rinkinkend iis.' Hat it Fryskwinterske karakter fan dit fers de reden west hat foar de titel fan de bondel?

Fantasyfoller

Siket men dochs de boarnen derby (it folsleine wurk fan Dèr Mouw is fia Wikipedia fergees del te laden) dan falt op dat Dam gauris fantasyfoller, kreativer formulearret. Yn *Ken immen dat gefoel* falt de observator gear mei de wolken dy't ernstich boppe him hingje, 'as in besonken liet' skriuwt Dam, it moat ommers rymje op 'fertriet'. Ferlykje dat ris mei 'ze bewegen niet', rymjend op 'verdriet'. Wol bliuwt it ferâldere Nederlânsk soms te bot hingjen yn de oersettings: twa libellen dy't djoeie as 'aëroplanen', sa'n wurd liket op fleanen.

Alle sonnetten yn dizze bondel wurde beselskippe fan in pintekening troch Friduwih Riemersma. Tekeningen dy't net tefolle stjoere, mar soms wol fernuvering oproppe. Wêrom by it titelfers in portret fan Dam dy't op 'e knibbels in hoanne oankrûpt?



Poëzy

Dof fiolet is 't west. 16 sonnetten fan Johan Andreas dèr Mouw

Johan Andreas dèr Mouw

Oerset troch Eppie Dam

Grotesk
€ 15